


Lansearje dyn eigen raket

Nedich:

Ien dik reidsje, ien tin reidsje dat soepel yn it dikke reidsje past, de tekening fan de raket (sjoch hjirûnder), potleaden of stiften, plakbân, in skjirre

- Knip de raket út en kleurje dy moai.
- Knip it dikke reidsje krekt salang as de raket
- Meitsje ien kant fan it knipte dikke reidsje hielendal ticht mei plakbân. Der mei gjin lucht mear trochhinne kinne.
- Plak it knipte reidsje op de achterkant fan dyn raket, mei de tichtplakte kant boppe.
- Sko it tinne reidsje yn it dikke reidsje.
- Doch it tinne reidsje yn dyn mule:
10, 9, 8, 7, 6, 5, 4, 3, 2, 1...
blaze!
Dêr sjit dyn raket de loft yn!



Kleurje de raket

